



DE FRYSKE MARREN

FNP, CDA, PRO

29 juny 2026

Mei-inoar op koers

Koalysjeakkoart De Fryske Marren 2026-2030



Koalysjeakkoart 2026-2030

Lêswizer

Navigearje yn dit dokumint

Yn dit dokumint hat it de foarkar om te navigearjen troch te klikken op knoppen, pylken en / of (hyper)links en net te 'swipen' troch it dokumint. De navigaasjeside (homepage) jout fisueel goed wer hoe 't dit dokumint opboud is. Op eltse side kinne jo navigearje ûnderoan jo skerm troch it navigaasjeblok. →



Dit dokumint is test

Dit dokumint is mei grutte soarchfâldigens makke. En wiidweidich test yn ferskate apps op ferskate 'tablets' dy't wurkje mei pdf-bestannen. Mochten jo dochs problemen hawwe mei it lêzen en navigearjen yn dit dokumint kinne jo it op in desktopkompjûter iepenje. Yn Adobe Acrobat Reader op in desktopkompjûter wurket it dokumint goed en ek yn ferskate ynternetbrowsers op in kompjûter is dit dokumint test.



○ Lêswizer	2
○ Ynlieding	3
○ Algemien	5
○ Finânsjes	6
○ Bestjoer en organisaasje	7
○ Fysike leefomjouwing	10
○ Ekonomy	14
○ Sosjaal Domein	16
○ Slútwurd	20

Mei dizze ↑ 'paadwizer' kinne jo yn it hiele dokumint daliks nei de neamde haadstikken klikke.



Ynlieding

As koalysje kieze wy opnij foar in koalysjeakkoart op haadlinen. Dit dokumint hat dêrtroch in heech abstraksjenivo. Wy bouwe fierder op wat goed giet yn ús gemeente, mar hawwe ek each foar de útdagings dy't foar ús lizze. Tema's as wenjen, leefberens, duorsumens, soarch en finansjele stabiliteit freegje om in soarchfâldige en lykwichtige oanpak. Mei dit akkoart op haadlinen jouwe wy ek romte oan de folsleine gemeenteried en de mienskip fan De Fryske Marren om ynfloed te hawwen op de útwurking en útfiering. Yn in tiid wêryn't maatskiplike opjeften hieltyd kompleksere wurde, fine wy it wichtich om

dúdljke keuzes te meitsjen, mar tagelyk romte te hâlden foar gearwurking, maatwurk en nije inisjativen.

De kommende fjouwer jier wol de koalysje mei each foar de finansjele kaders trochbouwe op it fundamint dat de ôfrûne fjouwer jier lein is, dêrom ek de namme fan dit akkoart: 'Mei-inoar op koers'.

It kolleezje bestiet de kommende perioade nei de boargemaster út fiif wethâlders. Yn totaal besette dizze wethâlders fiif formaasjeplakken (5 fte). Dit is yn 'e line mei it einferslach fan de ynformateurs.

☉	Lêswizer	2
●	Ynlieding	3
☉	Algemien	5
☉	Finânsjes	6
☉	Bestjoer en organisaasje	7
☉	Fysike leefomjouwing	10
☉	Ekonomy	14
☉	Sosjaal Domein	16
☉	Slútwurd	20



Navigaasjeside



☉ Lêswizer	2
☉ Ynlieding	3
☉ Algemien	5
☉ Finânsjes	6
☉ Bestjoer en organisaasje	7
☉ Fysike leefomjouwing	10
☉ Ekonomy	14
☉ Sosjaal Domein	16
☉ Slútwurd	20
Navigaasjeside	4



Algemien

Takomstfyzje De Fryske Marren

Yn 2022 hat de gemeenteried ús mearjierrrenfyzje 'Brede Wolfeart foar De Fryske Marren, fyzje oant foarby 2030' fêststeld. Yn dizze fyzje jouwe wy oan hokker gemeente wy wêze wolle, no en yn 'e takomst.

Under brede wolfeart ferstean wy de kwaliteit fan it libben, net allinnich yn it hjir en no mar ek foar de generaasjes nei dy fan ús. Dêrneist giet brede wolfeart oer de gefolgen fan de ynrjochting fan ús mienskip op kwaliteit fan libben op oare plakken yn 'e wrâld. Dit wurdt yndield by ekonomyske, sosjaal-kulturele en ekologyske tema's del. Hjirnei slute wy oan by de Sustainable Development Goals (SDG's). Dizze SDG's binne troch de Feriene Naasjes fêststelde ûntwikkelingsdoelen om in bettere takomst nei te stribjen.

De fyzje jout kleuring oan it te ûntwikkeljen belied foar de takomst fan De Fryske Marren en foarmt dêrmei in wichtige grûnslach foar dit koalysjeakkoart.

Utfieringsprogramma kolleezje

It nije kolleezje sil op koarte termyn in útfieringsprogramma foar dizze bestjoersperioade opstelle op basis fan dit koalysjeakkoart. De gemeenteried stelt it útfieringsprogramma fêst. Hjirnei krijt de folsleine gemeenteried de mooglikheid om ynfloed út te oefenjen.

Part fan it útfieringsprogramma is ek de troch de gemeenteried fêststelde riedsagenda. Beide dokuminten binne in wichtige fiedingsboarne foar de Lange Termyn Agenda (LTA). De LTA is de paadwizer foar de kommende bestjoersperioade en wurdt boarge yn de P&C-sykus.

☉ Lêswizer	2
☉ Ynlieding	3
● Algemien	5
☉ Finânsjes	6
☉ Bestjoer en organisaasje	7
☉ Fysike leefomjouwing	10
☉ Ekonomy	14
☉ Sosjaal Domein	16
☉ Slútwurd	20



Finânsjes

It finansjele perspektyf fan de gemeente freget om realisme en skerpe keuzes. Hoewol't De Fryske Marren op dit stuit finansjeel sûn is, wurdt der foar de kommende jierren in flinke tanimming yn útjeften ferwachte foar de útfiering fan wetlike taken. Hoe't de finansjele kompensaasje fan it Ryk der út sjen sil, is op dit stuit noch net bekend. Dêrby jildt dat in part fan de reserves al bestimd is foar earder makke keuzes en ynvestearringen. De romte foar grutte nije ambysjes is dêrtroch beheind.

De kommende jierren freegje om in strakkere finansjele regy. Wy wolle taakstellend finansjeel stjoere op projekten en beliedsûntwikkelingen. Yn oanrin nei it mooglike ravijnjier fiere wy yn de ried it petear oer needsaaklike keuzes en mooglike besunigingen.

Dêrby set de groei fan de útjeften binnen it sosjaal domein de bredere gemeentefinânsjes ûnder druk. De stigjende kosten foar de jeugdsoarch, WMO en oare wetlike taken freegje om keuzes en in soarchfâldige ôfwaging tusken ambysjes, foarsjennings en finansjele helberens.

De koalysje hecht wearde oan in solide finansjele posysje fan de gemeente. Dit foarmt nammentlik de basis foar in goed bestjoer. Wy fine it wichtich dat de begrutting struktureel op oarder is en dat wy soarchfâldich omgean mei mienskipsjild. Dêrby sjogge wy mei in krityske blik nei de organisaasje, belied en útfiering.

Wy wolle ynvestearje bliuwe dêr't der ferlet fan is, mar dogge dit ferantwurde. Reserves sprekke wy allinnich oan foar ynsidintele ynvestearringen. It útgongspunt foar de kommende jierren is dat de ûnreplikesaakbelêsting (OZB) jierliks mei maksimaal it gemiddelde priisyndekssifer fan it CPB yndeksearre wurdt. Ek sjogge wy kritysk nei de ûntwikkeling fan oare gemeentlike belêstingen en heffingen, wêrby't betelberens foar ynwenners en ûndernimmers it útgongspunt bliuwt. Wannear't der ferlet is fan ekstra middels, dan sykje wy dy yn earste ynstânsje binnen de besteande budzjetten en finansjele mooglikheden.

Fierder sette wy sterker yn op lobby-en subsidyzje-mooglikheden rjochting de provinsje Fryslân, it Ryk en Europa, sadat beskikbere middels en finansjele kânsen foar De Fryske Marren tidich benut wurde.

☉ Lêswizer	2
☉ Ynlieding	3
☉ Algemien	5
● Finânsjes	6
☉ Bestjoer en organisaasje	7
☉ Fysike leefomjouwing	10
☉ Ekonomy	14
☉ Sosjaal Domein	16
☉ Slútwurd	20



Bestjoer en organisaasje

In goeie gearwurking tusken de mienskip, gemeenteried, kolleezje en amtlike organisaasje is wichtich. Eltsenien draacht fanút syn eigen rol en ferantwurdlikens by oan goed bestjoer en de útfiering fan maatskiplike opjeften. Dêrby gean wy mei ynwenners, ûndernimmers en maatskiplike organisaasjes de hieltyd kompleksere útdagings fan dizze tiid oan.

Organisaasje

Sûnt 1 desimber 2025 binne alle meiwurkers sintraal húsfêstige yn it fernijde gemeentehûs Herema State op 'e Jouwer. De ôfrûne jierren is ús organisaasje yn omfang groeid en dat freget om in ynrjochting, struktuer en in wize fan wurkjen dy't oanslút by de opjeften fan dizze tiid.

Fanút it Ryk komme hieltyd mear taken en ferantwurdlikheden nei gemeenten, wylst maatskiplike fraachstikken hieltyd yngewikkelder wurde en de arbeidsmerk krap is en nei alle gedachten bliuwt. Dêrom sette wy yn op gearwurking yn de regio op it mêd fan bedriuwsfiering, sadat wy kennis, kapasiteiten en ekspertise optimaal benutte kinne.

Wy wolle in amtlike organisaasje dy't har taken kwalitatyf goed en duorsum útfiere kin, wêrby't nije ambysjes en opjeften yn balâns binne mei de beskikbere organisatoaryske draachkrêft. Dêrom is

it wichtich dat wy by nije beliedsfoarnimmers en winsken each hawwe foar de yntegraliteit, útfierberens en nedige kapasiteit.

Om ek yn 'e takomst in oantreklike, wendbere en betroubere organisaasje te bliuwen, ynvestearje wy yn organisaasjeûntwikkeling en yn ús meiwurkers. Mei-inoar soargje wy derfoar dat ús organisaasje klear is foar de takomst.

Tsjinstferliening

Wy stribje nei in noch bettere en effisjintere tsjinstferliening foar ynwenners troch goed oan te sluten by harren winsken en ferlet. Us tsjinstferliening is fan hege kwaliteit en begryplik foar eltsenien. Wy behâlde it goeie en wy ynnovearje dêr't mooglik is.

Fanwege de digitalisearjende mienskip meitsje hieltyd mear ynwenners faker gebrûk fan online tsjinsten. In goed befeilige opslach en ferwurking fan gegevens fan ynwenners is hjirby fan grut belang. Wy sette dêrom

☉ Lêswizer	2
☉ Ynliding	3
☉ Algemen	5
☉ Finânsjes	6
● Bestjoer en organisaasje	7
☉ Fysike leefomjouwing	10
☉ Ekonomy	14
☉ Sosjaal Domein	16
☉ Slútwurd	20



yn op moderne, feilige en gebrûksfreonlike digitale tsjinstferliening.

Tagelyk fine wy it wichtich dat fysike tsjinstferliening, bygelyks by de servicepunten yn Balk en Lemmer beskikber bliuwt foar ynwenners dy't minder digitaal feardich binne as ferlet hawwe oan persoanlik kontakt. Tsjinstferliening is digitaal dêr't it kin en persoanlik dêr't der ferlet fan is.

Korrekte, dúdlike en tidige tsjinstferliening is essensjeel foar it betrouwen fan ynwenners. Ofspraken neikomme en tidich reagearje fine wy hiel wichtich. Troch ticht by ús ynwenners te stean en soarchfâldich te hanneljen, soargje wy foar mear tefredenheid.

Kommunikaasje en Wiskelwurk

Wy wolle ús ynwenners sichtber, werkenber en minsklik ynformearje oer wêr't wy ús mei dwaande hâlde en wat der yn ús gemeente spilet. In transparante gemeentlike ynformaasjefoarsjenning dy't boppedat tagonklik en ynklusyf is, draacht by oan de ferbining en it betrouwen fan ús ynwenners, ûndernimmers en maatskiplike organisaasjes.

Foar it betinke en útfiere fan plannen is oplûke mei ús ynwenners needsaaklik. Oan 'e hân fan ús Wiskelwurk-belied sykje wy ek de ferbining en gearwurking mei jongerein, sadat harren bewust-

wurding op it funksjonearjen fan it gemeentebestjoer fergrutte wurdt.

Frysk taalbelied

It Frysk is ús twadde Rykstaal en is lykweardich oan it Nederlânsk. Op basis fan it yn de ôfrûne bestjoersperioade fêststelde Frysk taalbelied wurkje wy oan it fuortsterkjen fan de posysje fan it Frysk yn ús gemeente. It Frysk is in weardefol part fan ús identiteit en fertsjinnet in sterke posysje yn ús mienskip en organisaasje. Wy wolle it gebrûk en de sichtberens fierder ûntwikkelje, om sa de posysje as libbende taal yn ús gemeente te ferankerje.

Iepenbiere oarder en feiligens

De Fryske Marren is in feilige gemeente om yn te wenjen, wurkjen en rekrearjen, mar feiligens freget om trochgeande alertheid. Digitale kriminaliteit en ûndermijning freegje om in werbere oerheid dy't slachfeardich te wurk giet. Dêrom hawwe wy oandacht foar previnsje, gearwurking, bewustwurding en hanthavening. Dat dogge wy ûnder oaren troch te ynvestearjen yn 'e kapasiteit en de kwaliteit fan de juridyske stipe binnen de gemeente. De Bibob-wetjouwing passe wy ta op mear wurkterreinen om dêrmei ûndermijning tsjin te gean en hanthavening te fuortsterkjen.



Ek de maatskiplike werberens fertsjinnet oandacht. Yn in wrâld dy't hieltyd rapper feroaret, fine wy it wichtich dat ynwenners, organisaasjes en oerheid tared binne op krises en kalamiteiten. Dêrom sette wy yn op de beskikberens fan stipepunten by needsituaasjes en op 'e kontinuïteit fan de gemeentlike organisaasje en helptsjinsten.

Riedsleden, kolleezjeleden en meiwurkers fan de gemeente moatte harren wurk feilich en ûnôfhinklik útfiere kinne. Agressy, bedrigingen en yntimidaasje (sawol online as offline) wurde net tolerearre. Dêr't oer grinzen hinne gien wurde trede wy, yn oerlis mei ús gearwurkingspartners, krêftdiedich op.

Ferbûne partijen

In part fan de gemeentlike taken is ûnderbrocht by ferbûne partijen en regionale gearwurkingsferbannen. Goeie stjoering, transparânsje en demokratyske kontrôle bliuwe dêrby foar ús fan grut belang. Wy sette dêrom yn op in sterke belutsenens fan de gemeenteried by beslútfoarming en finansjele kaders fan de ferbûne partijen. Wy hawwe ekstra oandacht foar tidige oanlevering fan finansjele gegevens. Dêrmei wolle wy de grip op de gemeentlike doelstellingen, finânsjes en útfiering fierder fuortsterkjen. Ek wurkje wy mei riedenadvyskommisjes. De hjoeddeistige gearwurking binnen de riedenadvyskommisje yn it belang fan Empatec ûnderfine wy as posityf en weardefol.



Fysike leefomjouwing

By fysike leefomjouwing giet it om de ynrjochting, ynfrastuktuer, lânskippen en iepenbiere romte fan it grûngebiet fan De Fryske Marren. Lânlik wurdt der stjoerd op de kwaliteit fan boaiem en wetter. De kwaliteit fan ús romte stiet foarop en dêrby is it sykje nei in balâns tusken wenjen, wurkjen, natuer en rekreaasje.

Omjouwingswet

Wy wurkje fanút de Omjouwingswet mei as doel om in duorsume mienskip te kreëarjen, no en foar de takomstige generaasjes, wêryn't it noflik wenjen, wurkjen en rekreëarjen is. Us hjoeddeistige Omjouwingfyzje foldocht noch net folslein oan de betingsten fan de Omjouwingswet. Dêrom sil dizze yn 2026 aktualisearre wurde. Dêrneist wolle wy it tal programma's ûnder de Omjouwingswet ferminderje om sa de yntegraliteit en gearhang te fuortsterkjen.

Partisipaasje fan ynwenners, ûndernimmers, maatskiplike organisaasjes en mede-oerheden fine wy fan grut belang en is ûnder de Omjouwingswet in wichtich útgangspunt. Wy wolle belanghawwenden tidich belûke by plannen en ûntwikkelingen, sadat ideeën, soargen en belangen soarchfâldich meiwogen wurde kinne. Tagelyk betsjut partisipaasje net dat eltse winsk as yndividueel belang oernommen wurde kin. Wy meitsje in yntegrale ôfwaging.

Wenjen

De kommende jierren bliuwt de opjefte op it mêd fan wenjen grut yn De Fryske Marren. Der is mear ferlet fan betelbere wenten. Oantemei 2030 moatte wy bruto sirka 1.330 wenten opleverje, wêrfan 30% yn 'e sosjale sektor. Yn it op te stellen gemeentlik folkshús-fêstingsprogramma formulearje wy in ambisjeuze wenteboudoelstelling oant 2040.

Wy kieze foar in sprieding fan wentebou oer de gemeente, mei romte foar 'by elts doarp in strjitsje derby' dêr't dat passend en helber is. De gemeente nimt regy op 'e wentebouopjefte, sadat wy stjoere kinne op tempo, betelberens en kwaliteit. Dit dogge wy mei ús partners yn de wenopjefte. Dêrby stean wy ek iepen foar ynisjativen fan ynwenners en mienskippen. Ek wolle wy in aktyf grûnbelied fiere.

Wy sette yn op betelbere en helbere wenten mei namme foar starters en senioaren, sadat ynwenners binnen harren eigen doarp as stêd wenje bliuwe

☉ Lêswizer	2
☉ Ynlieding	3
☉ Algemen	5
☉ Finânsjes	6
☉ Bestjoer en organisaasje	7
● Fysike leefomjouwing	10
☉ Ekonomy	14
☉ Sosjaal Domein	16
☉ Slútwurd	20



kinne en trochstreaming befoardere wurdt. Nijbou moat takomstbestindich wêze, mei each foar ferskate doelgroepen en wenferlet. By werstrukturearring en sloop is nijbou it útgongspunt. Wy wolle frijkom-mende skoallegebouwen sa gau mooglik werbe-stimme en hjiryn mei de omjouwing oplûke.



Iepen romte

Under iepen romte fersteane wy it ûnbebouwde lânskip en it bûtengebied fan ús gemeente. As plattelânsgemeente hechtsje wy grutte wearde oan it behâld fan it iepen Fryske lânskip en de karakteristike kwaliteiten fan it bûtengebied. De druk op 'e beskikbere romte nimt ta. Lânskiplike, kultuerhistoaryske en ekologyske wearden foarmje

by nije plannen en ynisjativen altyd it fertrekpunt. De lânskipsbioграфy bliuwt dêrby in wichtige paadwizer.

Wy biede romte oan ûntwikkelingen dy't bydrage oan in fitaal en takomstbestindich plattelân, mits dizze soarchfâldich ynpast wurde nei aard, skaal en karakter. Dêrby sykje wy hieltyd nei in goeie balâns tusken ekonomy, leefberens, lânbou, natuer en lânskip. De komst fan grutskalige rekreaasjeparken past dêr net by. Oer ûntwikkelingen mei ympakt op 'e leefomjouwing gean wy aktyf yn petear mei ynwenners, ûndernimmers en oare belutsenen. Previnsje, gearwurking, bewustwurding en hanthavening binne dêrby wichtich. Wannear't it giet om hanthavening moat de gemeente ek by ympopulêre maatregels krêftdiedich optrede en trochpakke, sadat eltsenien op deselde wize beôardield en behannele wurdt.

Fanwege de ympakt op 'e kwaliteit fan de leefomjouwing, natuer en lânskip stean wy kritysk tsjinoer gas-en sânwinning en binne wy ôfhâldend mei nije ûntwikkelingen op dit mêde.

Iepenbiere romte

Iepenbiere romte giet oer de romte dy't iepenbier tagonklik is en troch de gemeente beheard wurdt. Yn de ôfrûne bestjoersperioade is de 'Grienfyzje 2023-2027, In (be)leefbere gemeente foar minske en bist' fêststeld. Dizze útgongspunten bliuwe wy folgje.

Dêrby wurdt ynset op it behâlden fan it hjoeddeistige kwaliteitsnivo fan de iepenbiere romte en bliuwe wy ynvestearje yn in fersoargde, feilige en leefbere omjouwing.

Lânbou

De Fryske Marren is in gemeente mei in soad agrariërs. Hja spylje dêrmei in wichtige rol yn ús ekonomy, it behear fan ús lânskip en de leefberens fan de bûtengebieden. De doelen op it mêd fan stikstofútstjit, klimaat en bistewolwêzen freegje om gearwurking tusken de ûndernimmer en de oerheid. It is wichtich om mienskiplik te wurkjen oan realistyske oplossingen foar takomstbestindige lânbou, wêrby't perspektyf, ûndernimmerskip, natuer en klimaat yn balâns binne. Om helpe te kinnen en omdat de sektor ek maatskiplike opjeften ferfolje kin, sykje wy nei mooglikheden.

Wy binne foarstanner fan de reduksje fan gemyske gewaaksbeskermingsmiddels. Yn 2025 is der fia in tariedingsbeslút besluten om nije sierteelt as útwreiding fan besteande sierteelt te ferbiedzjen. Dêrneist is besluten om in spuitfrije sône fan 50 meter foar it gebrûk fan gewaaksbeskermingsmiddels neffens gefoelige objekten yn te stellen. It omjou-wingsplan dêr't dizze besluten yn ferwurke binne wurdt noch oan de gemeenteried ta beslútfoarming foarlein.



Natuer

Us greidelânskippen, it grien en de stikmannige marren bepalen foar in grut part de identiteit fan ús gemeente. Dêrom sette wy ús yn foar it behâld en it fuortsterkjen fan in bestindige leefomjouwing, wêrby't wy each hawwe foar de grutte ekologyske opjeften sa as klimaatadaptaasje, natuerwerstel, biodiversiteit en wetterkwaliteit.

Feangreide

It feangreidegebiet yn ús gemeente stiet foar komplekse útdagings op it mêd fan boaiemdelgong, wetterbehear, natuer en lânbou. Oan 'e hân fan it Feangreideprogramma 2021-2030 'Foarút mei de Fryske Feangreiden' wurkje wy ûnder oaren gear mei de provinsje Fryslân, Wetterskip Fryslân en oare gemeentes oan it feangreidegebiet yn De Fryske Marren.

De opjeften rûnom feangreide freegje om oplossingen dy't rjocht dogge oan ferskate belangen. Wy fine it wichtich om mei belutsenen te wurkjen oan in takomstbestindige oanpak dat draachflak hat en past by it karakter fan ús gemeente.



Duorsumens

Wy folgje it Beliedsramt 'Sinnefjilden 2020' wat earder fêststeld is. Wy hechtsje oan in duorsume ekonomy foar de takomst. Wy binne ús derfan bewust dat yn de fierdere takomst de opbringst fan sinne-enerzjy net foldwaande wêze sil mei it each op de doelstellingen nei 2030. Undersyk nei alternativen bliuwe dêrom fan belang.

Wy leverje in realistyske en betelbere bydrage oan de lânlike klimaat-en enerzjydoelen, passend by de skaal, draachkrêft en romtlike kwaliteit fan ús gemeente. Hjirby hawwe wy each foar de ympakt op ynwenners, lânskip en leefomjouwing.

Wy fiere in aktive lobby rjochting de netbehearder en oare belutsen partijen oer de tanimmende netkon-gestje. Dit freget om tûke en ynnovative oplossingen. Dêrom sette wy bygelyks yn op it stimulearjen fan cable pooling, wêrby't meardere gebrûkers miens-kiplik gebrûk meitsje kinne fan ien netoansluting. Dit kin bydrage oan in effisjinter gebrûk fan de beskikbere netkapasiteit.

Ferkear en ferfier

Ferkearsfeiligens hat foar ús hege prioriteit. In feilige leefomjouwing begjint by goeie en takomstbestindige ynfrastuktuer foar alle dykgebrûkers. Wy sette yn op goed ûnderhâlden en oersjochtlike oerstekplakken en



logyske ferbiningen tusken doarpen, foarsjennings en rekreaasjegebieden.

Ek fine wy in goed en feilich fytspadennetwurk wichtich. Om hjir bliuwend alert op te wêzen aktualisearje wy it fytsfeiligensûndersyk. De útkomsten wurde brûkt om knelpunten gerjochte oan te pakken, de ferkearsfeiligens te ferbetterjen en aktive mobiliteit te befoarderjen.

Wy meitsje ús soargen oer de steat en takomstbestindigens fan wichtige brêgen yn ús gemeente, sa as de Skarsterijbrêge en de brêge by Spannenburg. Yn ús kontakten mei relevante oerheidsynstânsjes, behearders en oare belutsen partijen bliuwe hieltyd oandacht freegje foar adekwaat ûnderhâld en needsaaklike ynvestearringen. No't de betsjinberheid fan brêgen hieltyd mear ûnder druk stiet, is de realisasje fan in akwadukt by de Skarsterijbrêge fan grut belang. Wy sette ús dêrom aktyf yn om dit te realisearjen.





380 kV-heechspanningsferbining

Op dit stuit ûndersykje it ministearje fan Ekonomyske Saken en Klimaat (EZK) en Tennet de oanlis fan in nije 380 kV-heechspanningsferbining tusken Vierverlaten (by Grins) en Ens (Noardeastpolder). Dizze ferbining trochkruset ek De Fryske Marren. Wy nimme as gemeente troch de ympakt dy't it hat op ús ynwenners, leefomjouwing en lânskip in aktive rol yn de petearen rûnom dizze ûntwikkeling.

it Hearrenfean-West

Wy fine it wichtich om ús ynwenners fan de belutsen doarpen goed mei te nimmen yn it proses rûnom it Hearrenfean-West. Dêrneist hawwe wy each foar de leefberens en identiteit fan de doarpen en wolle wy wissigens oer in griene buffer tusken it Hearrenfean en ús doarpen en bedriuweterreinen.

Regio Deal Súdwest-Fryslân

Gearwurking binnen de regio is essensjeel om kânsen foar ús gemeente optimaal te benutte. Mei it Ryk, provinsje Fryslân, gemeente Súdwest-Fryslân en it Wetterskip Fryslân ynvestearje wy 35 miljoen euro om ús regio ta te rieden foar de takomst. De kommende jierren gean wy ús regio oan 'e hân fan ferskate projekten noch oantrekliker meitsje om yn te wenje, wurkje en ûndernimme.

Sikehûs

Wy sette ús yn foar de takomst fan in sikehûs op 'e Jouwer. Wy fine it wichtich dat de takomstbestindige medyske (spesjalistyske) soarch yn Fryslân boarge bliuwt. De Trijehoek De Jouwer-Súd is hjirfoar reservearre en dit gebiet hâlde wy beskikber oant der definityf dúdlikens is.

Asylopfang

Wy wolle oan de hân fan lytsskalige asylopfang foldwaan oan de ôfspraken dy't fuortkomme út 'e Spriedingswet. Wy nimme as gemeente hjiryn ús maatskiplike ferantwurdlikens.

Wy sjogge dat de opfang fan asylsikers yn 'e mienskip ta maatskiplike diskusjes en ûnrêst liede kin. Dêrom is it wichtich dat wy yn it proses om te kommen ta lytsskalige asylopfang soarchfâldich te wurk te gean.

Wy wolle ús ynwenners hjirfoer tidich ynformearje en dêr't it mooglik is belûke by de planfoarming.

Eveneminten

De Fryske Marren is grutsk op har eveneminten. Fan ferbinende doarpsfeesten oant grutte eveneminten dy't tsiintûzenen besikers lûke: hja drage by oan de leefberens fan ús doarpen en stêd. Wy wolle evenemintenorganisatoaren dêr't it mooglik is stypje, sadat dizze festiviteiten ek de kommende jierren yn ús gemeente plakfine. Dit wurkje wy fierder út yn it evenemintenbelied dat wy yn 2026 fêststelle wolle. Ek stelle wy in evenemintenkoördinator oan.



Ekonomy

In sterke ekonomy is fan grut belang foar de wurkgelegenheid, leefberens en fitaliteit fan De Fryske Marren. Undernimmers, bedriuwen en selsstannigen foarmje de motor fan ús ekonomyske ûntwikkeling en drage by oan in oantreklik wen-en leefklimaat. Wy stribje nei in divers en florearjend ûndernimmerslânskip.

Koarte lyntsjes

Wy leauwe yn in goeie ferbining tusken oerheid en ûndernimmers. Us bedriuwekontaktfunksjonarissen binne it earste oansprekpunt en ûnderhâlde koarte lyntsjes mei ûndernimmers. Hja sinjalearje tidich knipepunten, tinke mei by fragen en stypje ûntwikkelingen, sadat wy mienskiplik soargje foar in oantreklik ûndernimmingsklimaat.

Sintrumgebieden

Fitale en oantreklike sintrumgebieden drage by oan de ekonomy fan ús gemeente. Dêrom wurkje wy gear mei ûndernimmers en ynwenners oan takomstgerjochte sintrumfyzjes foar ús doarpen. It tsjingeane fan leechstân hat hjirby mei klam oandacht. Mei de BIZ-ferieniging, eigenaren fan pannen en de pleatslik belangen bliuwe wy de leechstân monitoare. Libbendige sintra leverje in wichtige bydrage oan de oantreklikheid fan de regio en soargje foar lokale wurkgelegenheid.

Bedriuweterreinen

Wy sette yn op it takomstbestindich en sirkulêr ûntwikkeljen fan bedriuweterreinen. Bestearde terreinen wolle wy mei de ûndernimmers en parkmanagement ferduorsumje en revitalisearje. Nije bedriuweterreinen rjochtsje wy duorsum en klimaatadaptief yn, mei oandacht foar effisjinte benutting fan de romte, enerzjy-útwikseling en sirkulêre gearwurking tusken bedriuwen.

Dêrneist wolle wy romte biede oan ynnovaasje en nije foarmen fan ûndernimmen. Dêrom ûndersykje wy by de ûntwikkeling fan nije bedriuweterreinen de mooglikheden om tydlik, fleksibel as ynnovatyf gebrûk binnen belieds- en fergunningskaders mooglik te meitsjen. Dêrmei wolle wy ynspylje op takomstige ekonomyske ûntwikkelingen en bydrage oan de transysje nei in sirkulêre ekonomy.

☉ Lêswizer	2
☉ Ynlieding	3
☉ Algemen	5
☉ Finânsjes	6
☉ Bestjoer en organisaasje	7
☉ Fysike leefomjouwing	10
● Ekonomy	14
☉ Sosjaal Domein	16
☉ Slútwurd	20



Rekreaasje en toerisme

Us gemeente wurdt elts jier tige faak besocht troch toeristen út binnen-en bûtenlân. Hja binne fan herte wolkom om te genietsjen fan al it moais wat De Fryske Marren te bieden hat. Boppedat leverje hja in wichtige bydrage oan ús lokale ekonomy. Tagelyk bewaakje wy de balâns tusken toerisme en leefberens, sadat ynwenners noflik wenje bliuwe kinne, rekreëarje en ûndernimme.

Wy sette yn op in kwalitatyf sterk, duorsum en divers rekreatyf aanbod. Hjirby hawwe wy spesjale oandacht foar seizoensferlinging, sadat ynwenners en toeristen ek bûten de pykmoannen it rekreative aanbod yn ús gemeente goed witte te finen. Wy stribje nei in tûke groei fan rekreaasje en toerisme, passend by de skaal, identiteit en draachkrêft fan ús gemeente en omjouwing.

Takomstbestindige ekonomy

Yn De Fryske Marren gean wy foar in krêftige, ynnovative ekonomy dy't bydraacht oan de brede wolfeart en in oantreklik wen-en leefklimaat. Wy stimulearje in duorsum en ynnovatyf ûndernimmers-klimaat, mei romte foar in grutte diversiteit oan bedriuwen.

Us ynwenners stean dêrby sintraal. Eltsenien moat de kâns hawwe op passend wurk en mooglikheden om harsels te ûntwikkeljen. Mei ús partners sette wy ús derfoar yn dat opliedingen en de kwaliteiten fan de beropsbefolking oanslute op de fraach fan wurknimmers. Undernimmers krije romte om te groeien en stipe te krijen by ynnovaasje. En wy bliuwe wurkje oan in oantreklik fêstigingsklimaat.

Mei de ûndernimmers en partijen út it maatskiplik fjild gean wy oan de slach mei de útfiering fan it programma ekonomy. It midden-en lytsbedriuw (mkb) foarmt de kearn fan ús ekonomyske krêft. It mkb, wêrûnder rekreaasje & toerisme en de detailhandel, jout ús ekonomy as gehiel in robuuste en fearkrêftige gearstalling. Dynamyk, entûsjasme, moed en groei binne foar ús wichtige begrippen dy't gearkomme yn ús oanpak en it perspektyf dat wy graach oan al ús partners oanbiede wolle.

De ekonomy hat in grut oandiel en ferantwurdlikens yn de transysjes nei in fossylfrije wrâld. Wy koerse op sichtbere resultaten dy't bydrage oan it imago fan in duorsume en sirkulêre regio.



Sosjaal Domein

Yn it sosjaal domein wurkje wy yn alles wat wy dogge oan trije wichtige doelen: meidwaan, mei elkoar en mei-inoar libje. Wy rjochtsje ús op in sûne leefomjouwing wêryn't bern en jongerein kânsryk opgroeie en opfoede wurde, folwoeksenen kinne harren maksimaal ûntplooie en âlderein fitaal wêze. Dêrby is passende soarch en stipe beskikber dêr't der ferlet fan is, lykas betsjuttingsfol wurk, in stabyl en besteedber ynkommen en in feilige en betelbere wensituaasje. Wy dogge wat wurket, ferienfâldigje dêr't it kin en wurkje op basis fan betrouwen.

Yn 'e ôfrûne bestjoersperioade binne de 'Takomstfyzje Sosjaal Domein' en de 'Strategyske Beliedsagenda Sosjaal Domein 2026-2032' fêststeld. Hjirmei is in takomstbyld foar it sosjaal domein sketst wêrbinnen de hjoeddeistige maatskiplike opjeften oppakt wurde.

Mear grip op 'e finânsjes fan it sosjaal domein

De kosten fan it sosjaal domein stiegje en it gebrûk fan soarch en stipe nimt ta. Om soarch beskikber te hâlden foar wa't der echt ferlet fan hat, is it needsaaklik om mear yn te setten op previnsje en sûnens, sadat minder profesjonele soarch nedich is.

Dit dogge wy troch yn te setten op de sosjale basis en kritysk te sjen nei de ferhâlding tusken besteande profesjonele stipe en algemiene foarsjennings. Om mear grip te krijen op it proses, soarchgebrûk en útjeftes, ferskove wy de koers fan yndividuele nei safolle mooglik kollektive foarsjennings.

Kânsryk opgroeie en opfiede

Elts bern yn ús gemeente fertsjinnet in kânsrike start om sûn en fearkrêftich op te groeien. Wy sette yn op in omjouwing wêryn't bern harren fysyk, mentaal en sosjaal optimaal ûntwikkelje kinne.

☉ Lêswizer	2
☉ Ynlieding	3
☉ Algemien	5
☉ Finânsjes	6
☉ Bestjoer en organisaasje	7
☉ Fysike leefomjouwing	10
☉ Ekonomy	14
● Sosjaal Domein	16
☉ Slútwurd	20



Jeugd en jongerein

De kosten foar de jeugdsoarch nimme ta en it ferlet oan spesjalistyske help by bern wurdt grutter. Wichtige oarsaken binne kompleksere problematyk en it feit dat meardere partijen trochferwize kinne, wêrtroch it oersjoch en de grip op 'e útjeftes ôfnimme.

Wy wurkje ta nei in mienskiplike lokale oanpak mei ien tagong en ien plan per gesin. Dêrby sette wy spesjalistyske help gerjochter yn en stjoere wy better op doar en effekt fan trajekten. Sa hâlde wy stipe dêr't mooglik is licht, en yntensivearje wy dizze dêr't it needsaaklik is. Dêrneist sette wy sterker yn op previnsje troch mear yn te setten op it kreëarjen fan in stevige basis. Wy ferwachtsje hjirmei mear kontrôle te krijen en op de middellange termyn jild besparje te kinnen.

Underwiis

Wy hechtsje wearde oan in takomstbestindich, oantreklik en kwalitatyf goed ûnderwiisoanbod, passend foar eltse learling. Dêrby sette wy yn op duorsume húsfeesting, kânsenlykweardigens en it foarkommen fan skoalleútfal en thússitte. Underwiis hat in wichtige rol yn it sosjaal-maatskiplik wolwêzen en foarmt de basis foar folweardige dielname fan jongerein oan de mienskip.



Wy fuortsterkje de yntegrale gearwurking tusken ûnderwiis, oerheid en lokale ûndernimmers troch aktiver yn te setten op projekten as On Stage, wêrtroch jongerein tidich yn kontakt komme mei it lokale bedriuwslibben. Wy yntensivearje de relaasjes mei ús ûnderwiispartners om mienskiplik te wurkjen oan in kânsrike takomst foar jongerein.

Sosjale basis en in sûn gearlibje

Wy fuortsterkje de mienskip troch yn te setten op moetsjen, it ferienigingslibben en previnsje. In sûne libbensstyl en nei inoar omsjen fine wy wichtich. Dêrom sette wy ús yn foar leefbere doarpen en wiken,

tagonklike sportfoarsjennings en stimulearje wy it yn 'e kunde komme mei keunst en kultuer.

Keunst, kultuer en sport

Keunst, kultuer en sport binne fan grutte wearde foar moetsjen en partisipaasje en wurkje boppedat previntyf. Wy fine it wichtich dat alle ynwenners, en yn it bysûnder jongerein, leechdrompelig dielnimme kinne oan kulturele en sportive aktiviteiten.

Wy sette yn op 'e útfiering fan de ynhâld en fan it beliedsplan 'Keunst streamt', mei klam oandacht foar it rike ferienigingslibben. Wy bliuwe ynvestearje yn kultueredukaasje, talintûntwikkeling en in sterke



amateurskeunstsektor en fuortsterkje de rol fan kultuer binnen de previnsjeketen.

Sport en bewege drage by oan sûnens, moetsjen en sosjale ferbûnens. Wy stypje ferienigings en ynisjativen dy't bydrage oan in aktive en sûne libbensstyl, ûnder oaren troch it ferhiere, beheare en ûnderhalde fan sportakkomodaasjes, fjilden en oare fasiliteiten.

Wy ûndersykje de mooglikheden om jongerein yn 'e kunde komme te litten mei ferskate sporten en treffe hjirfoar in passende regeling, om drompels te ferleegjen en dielname oan sport ûnder jongerein te befoarderjen.

Stipe foar doarpen en stêd

Us doarpekoördinatoaren foarmje in wichtige skeakel tusken ynwenners, doarpen, stêd en de gemeente. Hja drage by oan de leefberens, ferbining en it ûntwikkeljen fan ynisjativen fanút de mienskip, dy't wy de kommende jierren fierder fuortsterkje wolle.

Dêrneist ûndersykje wy de mooglikheden om doarpsstipers yn te setten. Hja foarmje yn de wiken, doarpen en stêd it oansprekpunt op it mêd fan sûnens en wolwêzen. Hjirtroch wurde wy as gemeente noch sichtberder en tagonklik.

Sûnens

In sûne mienskip foarmt it fundamint foar in brede wolfeart. Sûnens bepaalt foar hoefier't ús ynwenners fysyk en mentaal fit binne, sosjaal en mentaal yn balâns bliuwe en de regy oer harren eigen libben fiere kinne.

Tagelyk stean wy foar grutte útdagings, sa as dûbele fergriizing, in groeiende soarchfraach en personiels-tekoarten yn 'e soarch. Ek nimme groanyske oandoenings, deminsje en gefoelens fan iensumens ta. Om de soarch tagonklik en betelber te hâlden, sette wy sterker yn op previnsje en stipe tichtby, yn stee fan swiere yndividuele soarch efternei.

Part hjirfan is de realisearje fan in Odensehûs yn ús gemeente as moetingsskied foar minsken mei begjinnende deminsje en harren neisten.

Wy ynnvestearje yn it fuortsterkjen fan ynformele netwurken en foarsjennings dy't moetsjen, sport, kultuer en beweging stimulearje. Us maatskiplike akkomodaasjes, skoallen en leefomjouwing moatte útnûgje ta sûn en aktyf libjen. Sa bouwe wy oan in fitale en solidêre mienskip wêryn't ynwenners sa lang mooglik selsstannich meidwaan kinne, wylst profesjonele soarch beskikber bliuwt foar wa't dêr echt ferlet fan hat.



Besteanswissens en eltsenien kin meidwaan

De ynkommensûngelikens groeit, en dêr meitsje wy ús soargen oer. Eltsenien hat rjocht op besteanswissens en de mooglikheid om mei te dwaan yn de mienskip. Dat betsjut foldwaande en foarspelber ynkommen, in wente en tagong ta ûnderwiis en soarch.

Wy wolle dat eltsenien nei fermogen meidocht yn 'e mienskip en kânsen krijt om harren te ûntwikkeljen.

Yn ús oanpak leit de klam op it finen fan wurk en it nimmen fan eigen ferantwurdlikens. De stipe fanút de gemeente is rjochte op aktivearring. Foar wa't (tydlik) net foldwaande ynkommen hat, is der in fangnet beskikber om besteanswissens te behâlden.

Wenjen, wolwêzen, soarch

Yn de ôfrûne bestjoersperioade is it beliedskader 'Wenjen-Wolwêzen-Soarch 2025-2040' fêststeld.

Wy rjochtsje ús, mei wolwêzensorganisaasjes, op in feilige, leefbere omjouwing en wen-wolwêzen-soarchkonsepten dy't ynwenners helpe sa lang mooglik selsstannich en sûn thús te wenjen.

Wy sette yn op in sterke sosjale basis wêryn't ynwenners sa lang mooglik aktyf meidwaan kinne yn 'e mienskip. Previnsje is dêrby liedend: troch oan 'e foarkant te ynvestearje yn sûnens, sport, wolwêzen en partisipaasje wolle wy swierdere soarchfragen en de oanbelangjende kosten yn 'e takomst foarkomme.

By it bieden fan stipe hâlde wy each foar de passende soarch: dizze moat helpe dêr't der ferlet fan is. Grutte ynperkingen fan needsaaklike soarch fine wy net winsklik. Soarch en stipe moatte tagonklik bliuwe foar ynwenners dy't dêrop oanwezen binne.

Sociaal Goud

Om iensumens ûnder âlderein te ferminderjen en harren wolwêzen te fergrutsjen set stichting Sociaal Goud in netwurk yn fan entûsjaste buddy's, besteande út jonge frijwilligers en studinten. Hja biede persoanlike oandacht en selsskip oan âlderein dy't dêr ferlet fan hawwe. Wy wolle ûndersykje hoe't wy it projekt Sociaal Goud struktureel ynsette kinne en mei soarch-en wolwêzenpartners fierder fuortsterkje kinne.



Slútwurd

Mei dit akkoart op haadlinen lizze wy in stevige basis foar de kommende bestjoersperioade. It jout rjochting oan de keuzes dy't wy meitsje wolle en de ambysjes dy't wy hawwe foar De Fryske Marren. In sterke gemeente meitsje wy mei ús ynwenners, ûndernimmers, maatskiplike organisaasjes, ferienigings en eltsenien dy't ús gemeente in waarm hert tadraagt. De krêft fan de mienskip is dêrby it útgongspunt.

Wy sjogge út nei in iepen, konstruktive en respektfolle gearwurking mei ús ynwenners, de maatskiplike

partners en de folsleine gemeenteried. Troch mei-inoar yn petear te gean en ferskate perspektiven te ferbine, kinne wy wurkje oan oplossingen dy't ús gemeente fierder bringe.

Ta beslút sprekke wy ús tank út oan eltsenien dy't in bydrage levere hat oan de tastânkomming fan dit koalysjeakkoart. Yn it bysûnder tankje wy de (yn) formateurs Sjoerd Groenhof en Harry van der Molen foar harren begelieding fan it proses en de amtlike organisaasje foar har stipe en belutsenens.

☉ Lêswizer	2
☉ Ynlieding	3
☉ Algemien	5
☉ Finânsjes	6
☉ Bestjoer en organisaasje	7
☉ Fysike leefomjouwing	10
☉ Ekonomy	14
☉ Sosjaal Domein	16
● Slútwurd	20

